provinsje fryslân
provincie fryslân

postbus 20120
8900 hm leeuwarden
tweebaksmarkt 52
telefoon: (058) 292 59 25
telefax: (058) 292 51 25
www.fryslan.nl
e-mail: provincie@fryslan.nl

provinsje fryslân

Feriening Frysk Underwiis
o.f. drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Ljouwert, 8 augustus 2005
Ferstjoerd, 09 AUG. 2005

Ús merkteken	:	608840
Ôfdieling	:	Kultuer, Taal en Underwiis
Telefoan	:	058 - 2925972 / E. de Vries
Jo merkteken	:	brieven fan 23 july en 26 july 2005
Bylage(n)	:	-

Underwerp:
Fryske oersetting gearfetting Europeeske Grûnwet
Frysk- of dûbeldtalige paadwizers yn û.o. ûnderwiis- en soarchynstellings

Achte hear Hiemstra,

By dizzen woe ik graach reagearje op twa brieven dy't jo út namme fan de Feriening Frysk Underwiis skreaun hawwe. Op 25 july 2005 haw ik fan jo it earste brief ûntfongen, dy't ynboekt is ûnder nûmer 607438 en dêr't jo de Provinsje op oansteane om tenei it brûken fan it Frysk yn it offisjele ferkear by nasjonale politike aksjes grutter oan te pakken mei ferwizing nei de Frysktalige oersetting fan de Europeeske grûnwet. Jo twadde brief, dy't ynboekt is ûnder nûmer 608035, hawwe wy op 28 july 2005 ta ús foldwaan krigen. Yn dat brief woene jo ús betinken fernimme oft it oantrunen fan it brûken fan Frysktalige/dûbeldtalige buordsjes en paadwizers ek past binnen it provinsjale sektorplan ûnderwiis, soarch en gemeenten.

Yn dit brief sil ik op de twa boppesteande brieven reagearje.

Wat de oersetting fan de gearfetting fan de Europeeske grûnwet oanbelanget, hat de Provinsje dêr in subsydzjefersyk foar dien by de Referindumkommisje mei as doel in gruttere ferspreiding fan de Frysktalige gearfetting ûnder de boargers yn Fryslân te realisearjen. Spitigernôch hat de kommisje it fersyk net honorearre, om't it útstelde inisjatyf in te lege bydrage leveret oan it debat oer it ferdrach of de ynformaasjefoarsjenning oer it referindum. Fangefolgen hat de Provinsje besletten om sels noed te stean foar it oersetwurk en de útjefte fan de gearfetting, mar yn ferbân mei it leger útfallen budzjet is de ferspreiding fan de Frysktalige gearfetting yn in beheindere foarm stal jûn. Boargers koene de oersetting fan it provinsjale webstek sels

dellade en fergees by de Provinsje in brosjuere fan de Frysktalige gearfetting opfreegje. Fierdersoan is yn de twa provinsjale blêden en op 'e radio fan Omrop Fryslân it nedige omtinken bestege oan de ferskining en ferspreiding fan de oanbelangjende gearfetting.

Yn it twadde brief hawwe jo de fraach steld, oft it oantrunen fan Frysktalige of dûbeldtalige buordsjes en paadwizers ek past binnen it provinsjale sektorplan ûnderwiis, soarch en gemeenten. Dêrby hawwe jo de suggestje dien as it net better is dat it ûntwikkeljen fan taalbelied yn subsidiearre (kulturele) ynstellings sintraal troch de Provinsje stjoerd wurdt. De Provinsje soe dêrby mear foech hawwe moatte.

Ik bin it mei jo iens dat mear Frysk op buordsjes en paadwizers drompelferleegjend wurket foar Frysktalige besikers en learlingen en statusferheegjend foar it Frysk sels. Yn dat ljocht bin ik ek fan betinken, dat it befoarderjen fan Frysktalige/dûbeldtalige paadwizers hiel goed past binnen de trije spearpunten fan de taalnota. Dêrom is it hjoeddeistich yntern taalbelied fan de Provinsje ek as taheakke opnommen yn de taalnota, om de lêzers en ynstânsjes in foarbyld te jaan hoe't sa'n taalbelied stal jûn wurde kin. Yn dizze tiid fan hieltyd mear autonomy ûnder benammen ûnderwiisynstânsjes en gemeenten, wurdt it foar de Provinsje dreger mear sizzenskip te krijen oer it te fieren taalbelied. Us rol is dêrom safolle mooglik oantrunend en stimulearjend en *nét* oplizzend.

Wat de stân saken oangiet, hawwe op it stuit 11 Fryske gemeenten in taaloardering fêststeld, dêr't it opnimmen fan Fryske en/of twatalige paadwizers diel fan útmakket. Fierders hat de Provinsje oan de subsidiearre wolwêzensynstânsjes it fersyk dien om tenei de ferslachlizzing oan de Provinsje yn it Frysk te dwaan. Hieltyd mear skoallen komme ta in taalbeliedsplan en stadichoan komme der mear Frysktalige en twatalige pjutteboartersplakken (op dit stuit binne dat der 29).

By einbeslút wol ik jo graach betankje foar it meitinken foar it útfieren fan it Fryske-taalbelied. Ik sil jo brief ek foarlizze oan de stjoergroepen gemeenten en ûnderwiis en oan de Afûk-projektkoördinator op it mêd fan soarch.

Ik tidigje derop, jo hjirmei goedernôch fan tsjinst west te hawwen.

Ut namme fan it Kolleezje fan Deputearre Steaten,

Drs. M.B. Stuijt,
Ôfdielingshaad a/y Kultuer, Taal en Underwiis.